

PARSEBERJOCHT

8 jannewaris 2016

Topsifers foar Omrop Fryslân op izeldagen

Mear as de helte fan de Fryske befolking hat de ôfrûne winterdagen de berjochtjouwing fan Omrop Fryslân folge. It izelwaar hie Fryslân yn 'e besnijing. As de regionale stjoerder fan de provinsje Fryslân hat Omrop Fryslân der alles oan dien om de Fryske mienskip te ynformearjen oer de glêdens. De Omrop hat dêrmei yn in grut ferlet foarsjoen. Der kamen hûnderten reaksjes binnen fan minsken oer hoe bliid sy mei de ynformaasje foarsjenning wienen. "Dit is wêr't de Omrop der foar is", wie ien fan dy reaksjes.

Haadredakteur Klaas Geert Bakker: "Omrop Fryslân wie de ôfrûne dagen de wichtichste en meast aktuele boarne fan ynformaasje oer de glêdens. Hokker skoallen binne sletten, wêr is it gefaarlik om te kommen en wêr net? Mar ek: hoe kin de Fryske befolking inoar help biede. De krêft fan de mienskip waard dúdlik sichtber, mei de Omrop as yntermediêr. Dat hat laat ta hege sjoch-, hark- en onlinesifers dy't oantoane dat Omrop Fryslân as regionale stjoerder in wichtige funksje ferfollet as yn de Fryske mienskip."

Telefyzje en radio

Wilens de izeldagen hat mear as de helte fan de Fryske befolking nei de programma's fan Omrop Fryslân sjoen. Njonken de útstjoering fan 18.00 oere luts benammen de 'ekstra Hjoed' om 13.00 oere in soad publyk, alle dagen tsientûzenen sjoggers. Faak bleaune de telefyzjes yn de Fryske húskeamers de hiele middei ôfstimd op Omrop Fryslân, mei de 'ekstra Hjoed' en it radioprogramma live yn byld. It deibarik fan Omrop Fryslân Telefyzje wie op dizze dagen sawat trije kear heger as gewoanwei.

Online media

Op de webside en de app fan Omrop Fryslân wiene der trije kear safolle besiken as op in gewoane dei. In soad minsken hawwe de liveblog folge en holden 'It Waar' fan Piet Paulusma yn de gaten. Ek waard it izelwaar in protte folge op de sosjale media fan de Omrop. Op Facebook waarden foaral de filmkes oer izelwille, lykas it reedriden op strjitte, en oerlêst in soad besjoen. Guon filmkes waarden troch hûnderttûzenen minsken besjoen. Yn trije dagen tiid hat facebook.com/omropfryslan der dan ek 2.500 likes bykrigen. Fierder stie #omropfryslan by de trending topics fan Nederlân op Twitter.

Noat foar de redaksje:

Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommúnikaasje fan Omrop Fryslân: 058 299 7876.

PERSBERICHT

8 januari 2016

Topcijfers voor Omrop Fryslân tijdens ijzel

Meer dan de helft van de Friese bevolking heeft de afgelopen winterdagen de berichtgeving van Omrop Fryslân gevolgd. Het ijzelweer had Fryslân in de greep. Als de regionale zender van de provincie Fryslân heeft Omrop Fryslân er alles aan gedaan om de Friese gemeenschap te informeren over de gladheid. De Omrop heeft daarmee in een grote behoefte voorzien. Er kwamen honderden reacties binnen van mensen over hoe blij zij met de informatievoorziening waren. “Dit is waar de Omrop er voor is”, luidde een van die reacties.

Hoofdredacteur Klaas Geert Bakker: “Omrop Fryslân was de afgelopen dagen de belangrijkste en meest actuele bron van informatie over de gladheid. Welke scholen zijn gesloten, waar is het gevaarlijk om te komen en waar niet? Maar ook: hoe kan de Friese bevolking elkaar hulp bieden. De kracht van de gemeenschap werd duidelijk zichtbaar, met de Omrop als intermediair. Dat heeft geleid tot hoge kijk-, luister- en onlinecijfers die aantonen dat Omrop Fryslân een belangrijke functie vervult in de Friese gemeenschap.”

Televisie en radio

Tijdens de ijzeldagen heeft meer dan de helft van de Friese bevolking naar de programma's van Omrop Fryslân gekeken. Naast de uitzending van 18.00 uur trok met name de 'extra Hjoed' om 13.00 uur veel publiek, elke dag tienduizenden kijkers. Vaak bleven de televisies in de Friese huiskamers de hele middag afgestemd op Omrop Fryslân, met de 'ekstra Hjoed' en het radioprogramma live in beeld. Het dagbereik van Omrop Fryslân Televisie was op deze dagen ongeveer drie keer hoger dan normaal.

Online media

Op de website en de app van Omrop Fryslân waren er drie keer zoveel bezoeken als op een gewone dag. Veel mensen hebben de liveblog gevolgd en hielden 'It Waar' van Piet Paulusma in de gaten. Ook werd het ijzelweer flink gevolgd op de social media van de Omrop. Op Facebook werden vooral filmpjes over ijzelpret, zoals het schaatsen op straat, en overlast veel bekeken. Sommige filmpjes werden door honderdduizenden mensen bekeken. In drie dagen tijd heeft facebook.com/omropfryslan er dan ook 2.500 likes bijgekregen. Verder stond #omropfryslan bij de trending topics van Nederland op Twitter.

Noot voor de redactie:

Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân: 058 299 7876.